



Dit is de dei...

Sara en Simon folgje Jezus

troch Foekje-Fleur Fink

Sara en Simon belibje – mei harren grutte broer Daniël, heit en mem, pake en oare famylje – de ferhalen fan ‘Dit is de dei...’. De hiele famylje is doopt yn de Jordaan en begjint ‘in mij libben’. Dat makket dat se Jezus folgje op syn reizen troch Palestina en op de besiten dy’t Er ôfleit. Soms binne Sara en Simon derby as Jezus minsken better makket. Of se hearre fan pake, harren grutte broer Daniël en oaren oer Jezus. De ôfrûne wike hat de famylje yn Jeruzalem west om dêr mei-inhaar Pesach te fierien. It begûn sa moai doe’t Jezus op in ezel Jeruzalem ynried. Elkenien rôp: “Hjir komt de kening.” Der waard dûnse en mei palmtakken swaaid. Mar dat wie ‘it nije libben’ net! It nije libben fan Jezus sjocht der hiel oars út.

32. De reis nei Emmaüs

Lukas 24, 13-35

Pesach hat west. De famylje reizget werom nei hûs, nei Kafárnáüm.

Sara frege: “Daniël, meie Simon en ik mei dy?

“Op ien fan de kamielen!” rôp Simon

“Freegje heit en mem mar”, sei Daniël. “Fan my mei it.”

Wylst Sara en Simon nei heit ta rûnen, kamen der ek in man en in frou oan. “Dat binne eklearlingen fan Jezus”, sei Simon.

“Hoe witstó dat no wer?” frege Sara.

Koe heit harren ek? “Kleöpas, jim hijr?” frege heit. “Ik miende dat jim juster al fuort fuort soene.

“Ja, dat soe ek!” sei Kleöpas. “Mar alles rûn oars. Wy wiene al op ’e weromreis, doe’t Jezus ús efterop kaam.”

“Jezus?” rôp heit. “Dát kin net!”

Kleöpas seach de frou oan en sei: “It is wier!” Beide knikten se. “Ik sil jim fertelle wat wy juster belibbe ha”, sei Kleöpas. “Harkje mar!”

Juster hiene wy Jeruzalem al efter ús litten. Us doel wie foar de jûn it doarp Emmaüs noch te heljen. Dat leit sa’n tsien kilometer hjirwei.

Wy hiene inoar in soad te fertellen. Der is hjir ek safolle foarfallen yn Jeruzalem.

Dat hat ús tryst makke.

Ynienen hearden we dat immen ús efterop kaam. "Dy wol fêst mei ús reizgje," sei ik.
De man kaam tusken ús ynrinnen.

"Wêr ha jim it oer?" frege Er.

Ik seach him ferheard oan en sei: "Jo wenje yn Jeruzalem en jo witte net iens wat der foarfallen is?" Ik tocht noch: *hoe* kin sa'n-iен no fan neat witte?

"Wat dan?" frege de man, wylst er mei ús oprûn.

"Jo witte net wat der mei Jezus bard is?" Doe ha ik him ferteld dat se Jezus finzen nommen ha. En dat soldaten Him dérnei oan it krús slein ha. Wylst wy altyd tocht ha dat der mei Jezus in nije tiid oanbrekke soe."

Ik sei tsjin him: "Dat is no al wer trije dagen lyn."

It wie net maklik om alles wer oeral te heljen. Underwilens ha we stevich trochstapt.

It moat efkes duorre ha foardat ik sei: "In pear froulju ha fan 'e moarn sjoen dat Jezus' grêf leech wie. Ingels yn blinkend wite klean fertelden harren dat Jezus libbet. Petrus is der letter ek hinnegien om te sjen. It grêf wie leech! En Jezus hat er net sjoen."

Doe begûn de man te praten: "Wat binne jim dom!" sei Er. En hy fertelde ús wat der yn de Bibel stiet. Wy harken hiel goed, want dy man fertelde krektlyk as Jezus.

Doe't we by it doarp oankamen wie it al hast tsjuster. De man woe noch fierder reizgje. Mar wy seine: "Dêr komt neat fan yn. Jo bleauwe by ús."

We stapten it hûs yn om dêr te iten. Doe't we by de tafel sieten, naam de man it brea. Hy seinige it brea, bruts it en joech ús derfan.

Doe giene ús de eagen iepen... Dat die Jezus ommers ek by it lêste jûnsmiel. Doe sei Er:
"Dit is myn lichem. Doch dit altyd en tink dan oan My!"

Ik wist it daliks. Der is *nó* in nije tiid oanbrutsen! En ik rôp: "Hear!" Mar Hy wie al fuort.

Wy binne oerein kommen en werom nei Jeruzalem reizge. Dêr ha we it elkenien ferteld dy't it mar hearre woe: "Jezus libbet!"